

It giet om 'e wearde fan Tolkien yn it Frysk

Literatuur

Arjan Hut

It like wol oft de hiele 'Middeljerde' op it evenemint ôfkommen wie: elfen, dwergen en hobbits swarmen jin by tsientallen om de earen. Justermitdei waard yn it Tryatergebou It selskip fan de ring presintearre, de Fryske oersetting fan *The fellowship of the ring*, it earste diel fan skriuwer en teolooch J.R.R. Tolkien syn mear as ferneamde trilogy *Lord of the Rings*. By de yngong koene de besikers harsels yn in figuer út Tolkien syn wrâld omtsjoe, en fan dy gelegenheid waard manmachtich gebrûk makke.

De drokte wie in moaie boppeslach foar de gearwurkjende útjouwerijen Frysk & Frij en Elikser, en fansels ek foar Liuwe Westra, dy't oer in perioade fan tsien jier oan de oersetting wurke.

De beide útjouwerijen hienen in programma ynmekoar draaid, mei as klimaks in foarum oer it nut en ûnnut fan it oersetten yn it Frysk. Anne Dykstra, wurdboekskriuwer oan de Fryske Akademy, naam de rol fan advokaat fan de duvel op him, troch foar in sefol fantasyfigueren - fan Tolkienfanaten oant frisiasten - te bearen dat om him dy hiele *Master fan alle ringen* net skreaun wurden hoecht hie.

Oersetter Westra, sels ek yn 'e tradysjonele Hobbit-snit, helle trouwens fuortendaliks al de angel út de hiele diskusje troch it sizzen: „It giet my net om it nut fan de oersetting,



Middenmank in selskip skepsels út Middeljerde toant Liuwe Westra syn Tolkien-oersetting.

Foto: Frans Andringa

mar om de wearde.”

By oare oersetters yn it panel (Alpita de Jong en Anne Popkema, oersetter fan *De Hobbit*) en it publyk (ûnder oaren Geart van der Meer) spile de nutskwestje likegoed in

rol fier op de achtergrûn. Westra hie yn it foarste plak in „alderferskuorrendste bulte wille” hân fan syn muontsewurk en it wie gjin ferassing dat de oare oersetters him yn wurden fan min ofte mear

deselde strekking byfoelen.

Jitske Kingma (Elikser) grapjage dat it oersetten fan wrâldliteratuer ek kwestje fan „selsbefrediging” is. Net lang dêrnei kantele de diskusje oer nei de fraach wêrom't der sa min

Fryske boeken ferkocht wurde. Nefens Dykstra ferskynt der genôch yn it Frysk, mar binne der ienfâldich wei te min lêzers. Earder joech er al oan dat de measten gjin ferlet ha fan in Fryske oersetting as der al in Nederlânske oersetting bestiet. Dochs wienen der in soad oanwêzigen dy't foaral út Fryske taalnocht wolris oan in boek oer Hobbits begjinne woene. En guon dy wienen it Frysk hielendal net machtich, mar sy kochten in eksimplaar fan *It selskip fan de Ring* as oanfolging op de Tolkien-samling.

Neffens Wikipedia is it Frysk de 62e taal dêr't it boek yn ferskynd is: Wurden fan wurdearring wienen der fan Tolkien-ekspert Mark Hooker (út Amearika wei fia Skype), dy't Westra syn bûten tiid en boeken strekkende taalkennis oanhelle. De oersetter,

Westra hat yn it foarste plak in bulte wille hân fan syn muontsewurk

wilens, ferdútste dat er al seis haadstikken fier is mei diel twa, nut of gjin nut.

Presintaasje *It selskip fan de ring*, Tryater, Ljouwert, 250 besikers